

## Parseberjocht Diversity Festival 2018 “Terp of Tales”

It Diversity Festival is it simmerske kultuerevenemint fan Youth of European Nationalities en yn 2018 is it Frysk Ynternasjonaal Kontakt de organisator en komt it festival nei Fryslân ta. Yn in wike tiid komme jongerein fan Europeeske minderheden byinoar om kulturele workshops te folgjen en sa in grutte einsjo op te setten fol (folks)ferhalen fan minderheden.

Dy minderheden kinne Slovenen út Italië, Sorben of Noard-Friezen út Dútslân, of Roma út Masedoanië wêze, mar der binne folle mear. Mei-inoar sille sy fan 5-12 augustus yn Fryslân wêze en folgje sy in wikelang in workshop lykas koar, teäter, taal of digitale ferhalen. Dy workshops hawwe in reade tried: folks)ferhalen dy't de dielnimmers meinimme fan harren eigen minderheid.

Neist oare aktiviteiten en in ekskurzje troch Fryslân sille de dielnimmers twa kear optrede yn it Talepaviljoen MeM om safolle mooglik minsken yn kontakt te bringen mei de minderheidstalen en -kultueren fan Europa. Yn MeM sil ek it grutte einoptreden op sneon 11 augustus plakfine, dêr't de dielnimmers fan *Terp of Tales* sjen litte kinne wat sy leard hawwe en wat sy oan ferskaat en rykdom oan kultueren hawwe.

Graach wolle wy elkenien útnûgje by de twa mominten by MeM om mei ús dizze wike te fieren fol ferskaat oan taal en kultuer en om kennis te meitsjen mei de dielnimmers en harren talen en kultueren:

**Tongersdei 9 augustus, 20:00** minderheidsmerk

By it optreden fan Xera en Geart Tigchelaar sille de dielnimmers harren minderheden, taal, kultuer en tradysjes presintearje.

**Sneon 11 augustus, 14:00** einsjo

De grutte einsjo fan de wike, dêr't de dielnimmers harren eigen ferhaal fertelle mei sang, teater, taal en film.

De wike en de ûntwikkelings fan it Diversity Festival, de dielnimmers en de optredens sille ek te folgjen wêze mei in bloch op [itnijs.frl](http://itnijs.frl), en mei it nijs en foto's op de FYK en YEN facebooksiden.

## Foar de redaksje

### De Organisaasjes

#### FYK: jongereinferiening Frysk Ynternasjonaal Kontakt

It FYK is in jongereinferiening dat Fryske jongerein yn kontakt bringt mei oare Europeeske minderheden. Sa makket it FYK jongerein entûsjast om oer oare minderheidskultueren, talen en gebrûken te learen en wol it sadwaande bydrage oan ûnderling begryp en bining tusken befolkingsgroepen yn Europa. Dêrneist stribbet it FYK ek nei de bewustwurding fan Fryske jongerein fan syn eigen taal, kultuer en posysje as minderheid.

[www.fyk.frl](http://www.fyk.frl)

#### YEN: Youth of European Nationalities

De YEN is de Europeeske koepelorganisaasje dêr't it FYK by oansletten is. Spraat oer hie Europa binne der sa'n 40 organisaasjesoansletten by de YEN. Doel fan 'e YEN is it byienbringen fan jongerein fan Europeeske minderheden om sa op te kommen foar it behâld en de rjochten fan minderheden. Foar dat byienbringen organisearret de YEN alle jierren op syn minst fjouwer eveneminten. Ien dêrfan is it Diversity Festival dat altyd yn 'e simmer plakfynt.

[www.yeni.org](http://www.yeni.org)

### Kontakt

Webside	<a href="http://www.fyk.frl">www.fyk.frl</a>
Facebook	Frysk Ynternasjonaal Kontakt (FYK)
E-mail	<a href="mailto:foarsitter@fyk.nl">foarsitter@fyk.nl</a>
Post	Postbus 2548 8901 AA Ljouwert
Foarsitter	Ydwine Scarse
Tillefoan	06-38786166

